


10 tips foar it skriuwen fan saaklik Frysk



EK VOETBAL 2012
Uw eigen Oranje tribune?
Voor april besteld = 10% korting



Stuur een email naar info@jkvriezenveen.nl en vraag naar de mogelijkheden!
JK
Korfbaltribunen & meer



Kristen Demokratysk Appèl



Ofkoarting CDA
Partijlieder Sybrand van Haersma Buma



1

Getikte mensen dragen een Napoleonhoed, getikte letters niet



As wy skriuwe mei de pinne, sette wy kapkes en streekjes op haadletters, mar dat dogge wy net as wy type.

NEE: Ûndersikers, Âldtsjerk

JA: Undersikers hawwe ûndersocht wannear't Aldtsjerk ûntstien is.

2

Ek dizze sin is min en gek: in sin begjint hjir nooit mei 'ek'!

EK VOETBAL 2012

Uw eigen Oranje tribune?

Voor april besteld = 10% korting



Stuur een email naar info@jkvriezenveen.nl en vraag naar de mogelijkheden!

JK Vriezenveen
Bedrijfsweg 64
7671 EG Vriezenveen

T. 0546 - 56 49 52
info@jkvriezenveen.nl
www.jkvriezenveen.nl



Yn it Hollânsk kinne wy it wurd sje 'ek' foar of achter de wurden sette dêr't it by heart, mar yn it Frysk stiet it der altyd achter.

NEE: Ek de famkes, Ek yn Nederlân


JA: Kom op jonges, opromje, ja, de famkes ek!

JA: Yn Nederlân wurdt ek in soad ûndersyk dien nei meartaligens.

Fansels kin 'EK' (Europeesk Kampioenskip) wol oan it begjin fan in sin stean.

3

'Dit', 'dizze', 'hjr' is Hollânsk geblêr Weromferwize docht in Fries mei 'dat', 'dy' en 'dêr'



As wy yn in tekst weromferwize nei wat wy in stikje earder sein hawwe, dan brûke wy de wurden 'dy', 'dat' en 'dêr'. Wy ferwize net werom mei 'dizze', 'dit' en 'hjr'.

NEE: Dizze tekst giet oer weromferwizing. Hjir is in soad oer te sizzen. Dit ûnderwerp is nammentlik beskreaun troch in wittenskipper. Dizze wittenskipper wurket by de universiteit fan Frjentsjer.

JA: Dizze tekst giet oer weromferwizing. Dêr is in soad oer te sizzen. Dat ûnderwerp is nammentlik beskreaun troch in wittenskipper. Dy wittenskipper wurket by de universiteit fan Frjentsjer.

4

Wy meane en wy geane, wy fleane en wy steane



Guon tiidwurden wurde yn it meartal hiel koart útsprutsen: 'wy gean', 'jim stean' en soms ek 'wy bin', 'jim sil'. Yn de skriuwtaal wurdt altyd de lange meartalsfoarm brûkt. Allinne de koarte meartalsfoarm 'ha' komt ek op skrift foar. De nammefoarm is wol koart.

NEE: De Japanske gasten gean freed nei it Amelân foar in besite oan it natoergebiet. Se ha der in soad nocht oan om nei it eilân ta te gean.

JA: De Japanske gasten geane freed nei it Amelân foar in besite oan it natoergebiet. Se ha der in soad nocht oan om nei it eilân ta te gean.

5

De titel heart net by de tekst



De titel heart net by de tekst. In artikel begjint by de earste rigel fan de saneamde romp. Artikels yn kranten en tydskriften wurde skreaun troch sjoernalisten en redakteurs. Sy meitsje lykwols net de kop, dat docht in einredakteur of in spesjale koppemakker. Boektitels wurde soms betocht troch de útjouwer.

NEE:

Meartalichheid is goed foar de harsens

Dat hawwe wittenskippers fan de universiteit fan Dokkum ûntdutsen. Hja hawwe der in artikel oer skreaun yn it blêd *Dongeradielster Wittenskip*.

JA:

Meartalichheid is goed foar de harsens

Meartalichheid is goed foar it brein. Dat hawwe wittenskippers fan de universiteit fan Dokkum ûntdutsen. Hja hawwe der in artikel oer skreaun yn it blêd *Dongeradielster Wittenskip*.

It is fansels noch moaier as de earste sin en de kop net gelyk oaninoar binne.

6

It keatspartoer hie alles oan 'e hang, mar dizze kop is fierste ...



De kop of titel is bedoeld om yn ien kear it omtinken fan potinsjele lêzers te lûken. As er te lang is, dan slagget dat fansels net. Yn dat gefal kin er better ferkoarte wurde. Yn de sjoernalistysk jildt boppedat de stelregel dat der yn in kop net mear as njoggen wurden stean meie.

Tink der ek om dat in kop noait einiget op in punt. Fraachtekens, útroptekens en beletselttekens (de trije puntsjes) kinne wol brûkt wurde, mar leafst net te faak.

7

Let's do it the English way!



Yn it Nederlânsk wurdt *laten we* en *laat ik* brûkt om in foarstel te dwaan. It Ingelsk brûkt net *let we* en *let I*, mar *let us* en *let me*. It Frysk slút wat dat oangiet by it Ingelsk oan, net by it Nederlânsk.

NEE: Litte wy bidde. Lit ik it oars sizze.

JA: Lit ús bidde. Lit my it oars sizze.

'Litte wy' en 'lit ik' moatte wol brûkt wurde as der oars twa kear itselde wurd achterinoar brûkt wurde soe: 'Litte wy ús der mar net te drok oer meitsje'.

8

Tink nei oer it ferfryskjen fan nammen

'Havo' of 'hafû'? 'Staatstoezicht op de mijnen' of 'Staatstafersjoch op 'e minen'? 'Centraal Bureau voor de Statistiek', 'Sintraal Buro foar de Statistyk' of miskien 'Sintraal Buro foar de Statistyk (CBS)'?

Oft nammen al of net ferfryske wurde, is in kwestje fan persoanlike foarkar. Hâld wol altyd it belang fan de lêzer foar eagen: as dy de ferfrysking net fuort begrypt, is de tekst wol moai Frysk, mar de kommunikaasje mislearret. It ferfryskjen fan ynboargere ôfkoartingen lykas 'cv', 'CBS' en 'PvdA' is net oan te rieden.



9

Der sitte wol downen by de ljippen, mar gjin kowen by de skieppen



It Standertfrysk jout in soad romte foar ferskaat, mar der binne grinzen oan wat mei. Beskate ûnregelmjittige meartallen hearre by geef Frysk.

Hjirûnder steane de wichtichsten:

ien bern	twa bern
ien skiep	twa skiep
ien ko	twa kij
ien dei	twa dagen
ien wei	twa wegen
ien ferbod	twa ferboaden
ien god	twa goaden
ien man	twa manlju
ien frou	twa froulju
ien reed	twa redens
ien skoech	twa skuon

En tink derom dat bepaalde wurden just in regelmjittich meartal hawwe:

ien dak	twa dakken
ien skip	twa skippen

10

Ens is het einde

Nei de útgong -ens hâldt in Frysk wurd op. Der kin neat mear efter komme.

NEE: sûnenssoarch, feiligensmaatregel, duorsumensbefoarding

JA: medyske soarch, feilichheidsmaatregel, befoarding fan de duorsumens

